

# Yn it spoar fan Hieke

'Hij was in Wijckel geweest.....'

Yn it hûs njonken it kafee kamen nei ferrin fan tiid Douwe en Goaikje Draaijer te wenjen. Goaikje wie, wat doe neamd waard 'hazzefanger', mei oare wurden hja hat in grut part fan de lju dy't no yn Wikel en wêr dan ek wenje, as earste sjoen. In betûfte kreamheinster. Douwe hat him jierrenlang ynsetten foar tal fan ferienings yn Wikel: fan feestkommisje oant iisklub. Hy en syn bern organisearen ek de sinterklaasjûnen op 'e Bargebek: sjoelen, knikkerbak, balgoaije om 'wild en gevogelte', mar fral om gebak fan Auke Prins.



Yn it earstoan fan harren wenjen dêr bestie it sanitair út zegge en schrijve ien tontsje. No wie dat foar twa minsken gjin probleem, mar dat feroare as de bern - der wienen sân - thús kamen mei harren oanhang. Dan waard de gemeente oantrúne noch in eksimplaar klear te setten. As moandei-te-moarns alle besite fuort wie kamen de tonneurs fan

Balk mei de optearde sek oer it skouder om de bringst op te heljen.

Mar earst even nei de reinwettersbak, want dêr leinen steefêst twa segaren as beleaning. Douwe en Goaikje hienen ek al ridlik gau tillevyzje. Wy ha der suver ta de nacht út nei 'Open Het Dorp' sitten te sjen. Ha wy it oer 1962.

Oer it kafee is genôch skreaun. Dernjonken wie it stee fan dokter Hattink. Yn myn mulo-tiid helle ik de piltjes, poeiers en drankjes op om dy yn Balk te besoargjen. Dûbbeltsje it stik, in moaie bûssint. Ittie fan Pieter de Jong wie der faam en mei har rekkene ik ôf.

Moarns om acht oere begûn it sprekoere, mar dokter makke earst even in loopke trocht de tún. Dat hoegden jo net te sjen, dan koenen jo hearre. In stûve smoker, dy't earst even de longen leech meitsje moast: decibels oan gelúd.....Henk, syn soan, wie alyksa, ek dokter en ek in man fan de sigret. Hy studearre yn Utert en dat duorre even, want sei Henk: 'tijd maakt arts.' Hy wie in goede fuotballer, stie as junior al yn it earste fan VV Balk en trainde altiten mei Auke Hoekema tusken hûs en hok by Kees en Trien. Doe't-er him letter festige yn Bloemendaal hie hy ien keamer ynrjochte mei allegear printen, foto's, kaarten en ansichten fan Wikel en Gaasterlân. Syn samling ansichtkaarten fan Wikel wie yndrukwekkend, sels Sjouwe Leffertstra stie der fersteld fan en dat is in ekpert op dit terrein. Henk hat se fermakke oan de gemeente Gaasterlân-Sleat. Jo meije hope dat se op 'e Jouwer in goed plak krigen ha. Nei dokter Hattink (Henk syn pake wie ek dokter yn Wikel) is in strjitte neamd. Henk sei letter tsjin my: 'Ik kaam yn Utrecht op de keamer fan myn soan en dêr hong in boardtsje mei 'Dokter Hattinkstrjitte'. Ik frege hoe't hy dêr oankommen wie. Simpel: Hij was in Wijckel geweest en had de verleiding niet kunnen weerstaan om eentje mee te pikken.....It is him ferjûn.

Letter mear

Willem Stegenga